

6-4-982

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

REDAKSJE: Sytske Dykstra-Bouwhuis, tel. 2968
 Richt Speerstra-Bakker, ,, 2635
 Rients van Buren, ,, 9280
 Marten Kikstra, ,, 9269
 Jan Dykstra, ,, 9498

TYPE- EN STENCILWURK: Ineke Dykstra-v.d. Meer

OMSLACH: Albert van Lingen Jr., Wergea

REDAKSJEADRES: Sylroede 5

BANKRELAASJE: Rabobank Bolsward; giro nr. 856.829
 t.n.v. Rabobank Bolsward, rek.nr.
 3087.56.800 t.g.v. It Skieppesturtsje
 Tjerkwerd.

.....
FOARWURD:

Achte lêzers,

Dizze skieppesturt komt in bytsje letter troch fer-
 skate omstannichheden; hjirfoar ús excuus.

Hiel Tsjerkwert hat dizze simmer genietsje kinnen fan
 it moale waar en mannich húshâlding hat dan ek mei
 fakânsje west nei oare oarden en it wie dan somtiden
 ek wat stil yn 't doarp, wie it net dat ek in protte
 frjemd folk mei harren boart oanleine en in pear nach-
 ten lizzen bliuwden om te genietsjen fan de rêst fan
 ús doarp.

Mar, no binne wy wer ûnderelkoar en alles giet wer syn
 gong; de skoalle is wer oan 'e gong en master Dam kin
 syn nije learlingen mar wer prebeare te learen, dat
 Miep by Juf is.

Us doarpsfeest is wer efter de rêch en is oer alle
 boegen bêst slagge.

De ferieningen geane no wer fol moed fan start en hoopje, dat se wer in gesellich en nuttich seizoen belibje sille.

Us krantsje is dizze kear byelkoar sammele by ús redaksjelid Sytske Dykstra, dy 't wer sûn en goed yn ús fermidden siet en de dochter "Minke" hat suver al in skoftsje mei fergadere, dat it liket mar bêst.

Tank foar jimme meiwurking en bydragen oan ús bledsje en graach wer kopy foar 15 oktober.

M.K.

-f-f-f-f-f-

Berichten van de Dorpsomroeper.....

De vette jaren hebben inmiddels al lang de weg gebaad voor de magere. Een ieder zal zeggen dat is oude koek, dat wisten wij al lang.

Over enige tijd trekken wij weer gezamenlijk op naar de Stembureaus. En op welke partij je moet stemmen zullen vele moeite mee hebben. Politiek is nu eenmaal iets daar men vaak als simpele plattelanders te weinig van afweet. Dat er bezuinigd moet worden, dat ligt voor de hand, maar op welke manier schijnt erg moeilijk te zijn en vooral op de Staatsuitgaven. Ze hebben de mond vol over de mensen met de minima. Ze rekenen zich een ongeluk over de dubbeltjes die die mensen meer of minder moeten hebben en ze hebben er gewoon dagwerk mee. Maar als ze nu eens van de Hooggeplaatsten in onze samenleving alle representatiekosten en andere onkosten die ze mogen declareren gingen afschaffen en dat voor lieden die nota bene per jaar meer dan een ton verdienen.

Zo zijn er meerdere dingen waar een ieder welkend mens zal zeggen: kan dat nog in 1982. Je houdt het gewoon voor onmogelijk, maar het zij zo.

Een landelijk Ochtendblad van eind Juli j.l. deed het volgende relaas:

op de Receptie's van een van onze Ministeries verdween aan Drank - zowel J.J. en O.J. - Sherry - Wisky - O.Bitter - Underberg - Port en Diverse Vruchtensappen en duizenden blikjes Koel Helder H. voor bijna een half miljoen gulden in de dorstige kelen van de mensen die er waren en dat was nog maar in de eerste 6 maanden van dit jaar.

Dat is op zichzelf nog geen ramp, een ieder heeft wel eens dorst, maar het bedrag komt geheel ten laste van de Schatkist. Ze hebben op de Ministeries denk ik dan ook geen Poosters hangen van de Ned. Melk Unie oftewel van Joris Driepinter.

Een tijd geleden zag je bijna wekelijks op de Beeldbuis een Politicus met een glas melk in zijn Hand die je dan vroeg: ik drink melk, U ook? En dan knikte je soms nog terug ook!

Op Bezoek bij P.B. Jousterperweg 4:

80 Jaar geleden kwam de fam. Burghgraef vanuit Schraard naar de Jousterperweg en daar wonen ze tot op heden nog. Deze Veehouder doet nogal het een en ander aan de paardensport en bezit n.l. 3 Gelderse Paarden die ingeschreven staan in het W.P.N. Paardenstamboek.

De 2 achtjarige merries heten respectievelijk Patricia en haar veulen heet Ador Paulona en haar veulen heet Rosetta en is 7 jaar eveneens van het Ras Type Gelders Rijpaard. Prachtige Paardeboxxen heeft hij in de Vroegere Melkstal geplaatst. Als amazone assisteert mej. Rienstra uit Bolsward. Er word heel wat afgereisd naar verschillende Paarden evenementen om punten te verzamelen en vooral naar wedstrijden voor Dressuur en Springen zooals de afgelopen maanden naar Gaasterland, Tjerkgaast, Oudeschoot, Gorredijk en ik zou er nog wel een aantal aan toe kunnen voegen. J.l. in Rijs werd met Rosetta nog een Iste Premie behaald op de beoordeling = Exterieur - Stap en Draf. Het gaat heus niet van de ene dag op de andere wat dat betreft staat de man nog onder aan de ladder. - 3 -

Ze bedrijven het geheel dan ook als sport en liefhebberij. Dat wij in de toekomst P.B. nog eens op de beeldbuis met een van zijn Paarden zien springen b.v. om de N.C.R.V. Springtrofee, zou ik niet voor onmogelijk houden. Met veel respect voor dit alles afscheid te hebben genomen van deze mensen die voor zo iets nog tijd kunnen vrijmaken en hiermee een bredere inhoud aan hun leven geven en als men weet dat het bedrijf ook nog altijd 28 H.A. groot is en iedere dag de 50 koeien gemolken moeten worden evenals een aantal schapen die eveneens machinaal worden gemolken. Dan gaan Pet en Hoed af voor zoveel ondernemingslust.

.....

Uitslag Tuinwedstrijd 1982.....

Door de aanhoudende droogte en later de harde wind en regen van de afgelopen Zomer was er toch nog een aantal tuinen die een eerste Prijs verdienden.

Uitslag: in volgorde van beoordeling:

Kl. Tuinen: M. v.d. Wal + Wisselbeker;
M. de Jong - G. Mulder - O. Flapper
B. Huitema - Schakel-Miedema -
Batteram - Mekking.

Gr. Tuinen: Iste prijs: U. Haarsma + wisselbeker - F. Gietema - C. v. Zuiden.

Verder zijn er nog een aantal 2de en 3de prijzen.

Omreden dat het Iste lustrum gevierd wordt dit jaar zullen er nog een aantal extra prijzen uitgereikt worden aan de eerste Prijswinnaars van de Kleine Tuinen die meerdere malen in de afgelopen 5 jaar een eerste prijs verdienden.

De Prijsuitreiking zal waarschijnlijk weer plaatsvinden in het najaar, een ieder die meedeed krijgt vroegtijdig bericht, tevens is er dan weer de collecte voor de bestrijding van kosten die dit evenement meebrengt.

Tevens het vermelden waard;

bij D. Wijngaarden, Singel, staan Zonnebloemen met een hoogte van bijna 4 Meter hoogte; krijgt ook een prijs.

.--.--.

Tenslotte wil ik deze berichten afsluiten met dat ik Zaterdag de 28ste Augustus j.l. met het Polsspringen geweten had toen ik van de schans afsprong dat er zooveel water stond, ik het nooit zou hebben gedaan.

Dit wilde ik nog even kwijt om verdere veroordelingen mij gespaard mogen blijven.

De Hartelijke Groeten aan U allen
van de Dorpsomroeper.

/-/-/

Doarpsgenoaten, leden en net-leden
fan de begraffenisferiening
Tsjerkwert-Dedzjum,

Mei it fuortgean fan boade Feitsma, sil ien fan
ús dragers besykje dizze funksje waar te nimmen.

No woene we der graach wer in drager foar yn 't
plak ha. Mear as ien is wolkom, want oars draait
it altyd foar de selden op en elk hat syn wurk.

In hege hoed soe ek noch wolkom wêze.

Minsken, graach jimme meiwurking en ús boade is no:

P. Tolsma, telefoan 3675 b.g.g. 9124.

It bestjoer.

100 Jier Beabuorster mole

Oan 'e ein fan it earste skriuwen, wie der in foar-
lopich bestjoer stimd foar it op te rjochtsjen
wetterskip Exmorra.

No wie sa'n bestjoer der ridlik gau, mar de op-
rjochting fan it wetterskip, dat foel noch net sa
folle ta.

By hichte-mjittingen (doe noch sûnder laser) die
wol bliken, dat men te meitsjen krige mei ferskate
wetterlichten (peilen), dy't faak wol mear as in
meter útelkoar rûnen. En alle boeren wiene der no
ek dalik net fan op 'e rin, sa'n nij wetterskip.

Dy't op heech lân wennen, woe't mar min oan dat
se likefolle betelje moasten as de boeren yn 'e
lichte, harren wetter rûn ommers sa wol fuort.
No bart dat yn 1982 ek noch wolris dat de foarsit-
ter fan it "Marnelân" in boer der op wize moat,
dat der op it hege lân likefolle reinwetter falt
as op it lege lân.

Dan wiene der de hierboeren, dy't de mole oernom-
men hiene en nei elke stoarm mei hammer en spi-
kers de boel wer oplaapje moasten. Dizze minsken
seine: lit it wetterskip mar komme as de lân-
eigner de lesten mar betellet.

Mar de nije foarsitter Reinder Hanzes Zijssling,
koe syn broer Djurre Hanzes mar min oan it ferstân
bringe, dat syn sa goed as nije mole foar net mear
as f 1.500,-- troch it wetterskip oernomd wurde
koe.

Dêrby rekke hy it mealjild fan in pear buorlju
sûnder mole ek noch kwyd.

Mar lang om lêst waarden we it der dochs alle-
gearre mei iens en kaam de oprjochting fan it
wetterskip "Exmorra c.a." der troch.

Mei it ynstjoeren fan allerhande plannen en fer-
siken nei Deputearre Steaten hinne en wer, hie
dit duorre fan febrewaris 1879 oan't Jannewaris
1882.

As "secretaris-ontvanger" waard beneamd Hoite Post, haad fan 'e skaalle te Exmoarre. Dy hie, sa't skyr tiid oer. Wol frijend dat de man in boargsom stoar, moast fan f 1.500,-- "om het waterschap van schade vrijwaren." As hy der dus al mei de kas útnaie, moast hy der om tinke, dat der altyd mear as f 1.000,-- ynsiet.

De earste begrutting, dy't it nije bestjoer makke, ie sa yn de boeken:

leggen van dijken en dammen	f	5.000,--
bouwen van twee molens met huizen	"	12.000,--
pompen en keeringen	"	1.200,--
overname 9 oude molens	"	5.000,--

	f	23.200,--
terug van afbraak oude molens	"	1.200,--

totaal	f	22.000,--
--------	---	-----------

rente en aflossing hiervan en beloning molenaar
totaal f 2.600,-- per jaar.

Wordt omslag waterschaplasten f 1,50 per pondet.

De secr. fan it Marnelân hat de komma al justjes s stean.

Doe't it oan it molebouwen ta wie, waard der et noch iggewearre oer in stoomgemaal. Mar by brek kundige minsken foar de betsjinning hjirfoar seait bestjoer neat yn dizze nijljochterij.

Ek waard der noch in reis makke nei Peize yn Gr. wêr't in brûkte mole te keap wie. Twa bestjoers. n ferklearren it folgjende yn in fergadering:

"Nadat wij ons ten 12 ure m et het spoor in be-
lijke richting hadden begeven kwamen wij te r-
verlaten, de landstreek waarin de molen zie -
vond" ensf....."Van de totalen ongeschikthe
dezer machinerie waren wij zeer spoedig over-
tuigd."

De earstfolgjende fergadering waard dêrom besluten ynskriuwe te litten foar it bouwen fan twa nije molens mei wenningen, ien yn Exmoarre en ien op Beabuorren.

Om no mar by de Beabuorster mole te bliuwen, de ynskriuwing hjirfoar moast foar 19 april 1892 binnen wêze.

Fan de 8 ynskriuwers wie Gerben van Wieren út Janum (Dantumadiel) de leechste mei f 7.850,-- en krige sadwaande opdracht de mole te bouwen. Der waard earst noch praat oer it bouwen fan de wenning yn de mole, dit om bouwkosten te besparjen en in hûs neist de mole joech altyd lijte, wat it meallen net ten goede kaam.

Mar dochs wiene hjir ek wer grutte beswieren oan ferbûn. Men koe fan in mole sa goed as gjin reinwetter (doe ûnmisber) opheine, lyk as fan in hûs. Dêrby waard it brângefaar yn in bewenne mole folle grutter, om't it meitsjen fan in skoarstien altyd problemen joech. En it soe mar barre, dat de moleman oan it nachtmeallen wie en de molefrou ek efkes út bêd moast, dan koe se har nachthind mar goed yn 'e gaten hâlde by al dy draaiende rêden.

Nee, in hûs der los by, wie foar alles it bêste, dy lijte dat soe wol wat tafalle.

Dit hûs waard oanomd foar de priis fan f 1.000,--.

Dat is oars wat as in premie A wenning mei gemeentegarânsje.

De mole, sa as dy bouwt wurde moast, waard fan it type muonts (monnikmolen), in achtkantige boppekruier. De achtkante ûnderbouw moast mei lei beklaaid wurde, wylst de kap in zinkbedekking krige.

De flucht fan de mole moast 20 meter wurde.

Boppe yn 'e kap kaam in houten as te lizzen, weroan de twa roeden (fjouwer wiken) sitte.

Op dizze as kaam in houten kamrêd, dat in oar rêd op in steande as (standert) oandriuwet; alle rêden yn 'e mole binne fan iepenhout, de de toskan of kammen fan azijnhout.

Under yn de mole sit op dizze steande as wer in rêd, dy't op syn beurt de moleskroef oan it draaien makket. Dizze moleskroef of vijzel (in fynst fan Archimedes) hat trije omgongen en kaam sa nauwslutend mooglik te draaien yn in heal rûn opmitsele skroefbak.

De oerbringings-ferhâlding waard sa makke, dat as de mole boppeyn ien kear rûn west hat, de moleskroef dit krapoan twa kear docht.

Troch it skeane lizzen fan de moleskroef kin it wetter sa út de lânfearten wei, sa'n goed meter omheech brocht wurde yn de Beabuorster opfeart.

Troch dizze opfeart moast it dan nei de gruttere fearten ta.

No woe it âlde ferhaal, dat as de moleskroef ien kear rûn west hie, der dan 80 amerfol wetter útmeald hie. Dizze 80x20 liter of 1,6m³ komt aardich oerien mei de tsjinwurdige moleman Koopmans syn berekening.

Koopmans seit, as yn 'e hjerst it lân en de fearten fol wetter sitte en der falt dan nefens myn "regenmeter" 10 mm wetter, dan betsjut dit, dat ik 12 oeren mealle moat om dat der wer út te krijen.

No bemealt de mole 400 ha lân, as der 10 mm wetter op falt, wurdt dat 40.000 m³. As de mole fatsoenlik op gong is, giet der yn 4 sec. ien kear rûn en de skroef soe dan dus 2x1,6 of 3,2 m³ wetter útmealle yn 4 sec.

Yn in oere wurdt dit 2.880 m³, sadat der rom 13 oeren nedich binne om de 40.000 m³ wetter te fermeallen.

Sa'n mole moast fansels op in bepaalde hichte yn it lân bouwt wurde. Hy moast it wetter yn de lânfearten fatsoenlik rikke kinne, mar moast it wetter ek wer goed yn de opfeart (boezem) kwyt kinne.

It hiem fan de mole kaam 1.30 m boppe SP (fries simmerpeil) te lizzen. De útloup fan de mole (de útskoat) wer it wetter útkomt, kaam 50 cm boppe SP te lizzen.

Oer dizze simmer en winterpeilen letter mear.
Mei hoefolle minsken der oan de mole en it hûs
wurke waard, is net moar nei te gean.
Mar it wetterskipbestjoer kaam op 30 nov. 1882,
in heal jier letter dus, om de mole te besjen,
dy't doe klear wie. Ek waard der by dy gelegen-
heid, sa stiet der beskreaun, 5 gûne beskikber
steld "voor onthaal van het personeel bij het
malen van het eerste water." Slim dronken kinne
se fan dy 5 gûne nooit wurden wêze.

Doe't it lykwols oan it beteljen fan de mole
ta wie, koe it bestjoer it net alhiel iens
wurde mei de molemakker van Wieren.
Om de lêste 300 gûne rekke it hiele spul,
bestjoer en molemakker, ûnder lieding fan
"deurwaarder" v.d. Schoot, nei "het Gerechts-
gebouw" yn Ljouwert, wer it fierder útpraat
waard.

Lit der dan oan de bedragen in protte feroare
wêze, as it om de lêste pear sinten giet,
binne lyk as tsjinwurdich "geloof, hoop en
liefde" meastal op 'e tippel.

Mar de Beabuorster mole koe begjinne oan syn
wurk, dat er oernaam fan de 9 boeremolen,
dy't ôfbrutsen waarden.
Hjiroer in oare kear.

Pier Z.

%%%%%%%%

De Kaartclub

Beste Kaartvrienden en vriendinnen,

De avonden worden weer langer en dus gaan we
weer los op 14 sept. om 8 uur precies, met
een kleine vergadering vooraf.

Nieuwe leden zijn van harte welkom.

We hopen op een gezellige en spannende
Kaartwinter.

Tot ziens,
T.K.

— & — & — & —

Hjirby wolle wy eltsenien tanksizze
foar de geweldige reaksjes, dy't wy
hân ha nei de berte fan ús famkes

LYBRICH en WELMOED

Hille, Lutske en
Rikst Nynke Schakel..

"Sjoch út", july 1982.

It wie "Krekt oars om."

Wy koene net tinke dat it wer sa wêze soe
as yn 1979. Lykwols wiene wy de 1ste juny
1979 ússels fakentiids ek net.
Mar de 6 wiken yn juny/july 1982, dy't wy
belibbe hawwe, oertrefte noch dy fan 1979.

En dêrom wolle Anna en ik, fia "It Skiep-
pesturtsje" oan jim allegearre ús hertlike
tank bringe foar al de leafde, nocht en
wille, wêr't jimme ús mei temjitte kommen
binne.

Sûn en wol binne wy de oceaan oerfladdere,
op in hichte fan 12 km, mei in "gonkje"
fan 1.000 km yn 'e oere.

En.... wa wit it? miskien kinne wy nei
trije jier, samar op in moarn komme te
kofjedrinken....., want, o, dy kofje mei
koeke of gebak is yn Fryslân sa lekker.

Nochris "Dant sjen!"

Fan Sjouke en Anna
Zwaagstra út Nova Skotia.

-f-f-f-

Hjirby wol ik eltsenien betanke foar
alle kaarten en besite, dy't ik hân
ha yn it sikehûs en thús.

Sytske D.

Fierders ek eltsenien betanke foar
alle kaartsjes, blommen en presintsjes,
dy't wy nei de berte fan ús lytse

MINKE

krigen ha.

Jehannes -A Sytske,
Marijke en Sjoukje.

Gevonden op de Sylroede: rood beursje; af te halen
op no. 7.

VOETBAL

Op woensdag 28 juli wilden de dames van Tjerkwerd eens een keer voetballen. Tot onze verbazing waren er te weinig deelnemers (en dat in een dorp met 477 zielen!!!).

De inkomsten voor de P.T.T., afdeling telefonie, stroomden binnen, want iedereen werd afgebeld.

Tien minuten later krijgt de organisatie te horen, dat er in het dameselftal ook wel enige heren mee willen spelen.

Wederom werd er gebeld naar de mensen, die net waren afgebeld. Om ongeveer half negen werd er dan toch afgetrapt.

De mooiste speelster was Anneke Gietema, want zij was in een minijurk gekleed.

De eindstand werd 5 - 2 voor de heren. Kieper Fokke had het er dus maar druk mee.

Het mooiste doelpunt was voor rekening van Anno.

Na het voetballen volgde er een groots zwemfestijn, wat spontaan werd begonnen door Hilda.

Al met al een zeer geslaagde avond.

Peter Rozenberg.

/-/-/-/

BOARGERLIKE STAN

Us redaksjelijd Sytske (en Jehannes) Dykstra kriegen op II aug. in famke, MINKE SYTSKE.

Freed 10 sept. o.s. trout JACOBA ZIJSLING mei BERT WIKKERINK.

Lokwinske!

Ferslach Tsjerkwerterfeest 1982...

We ha it feest krekt wer efter de rêch, en wylst ik dit skriuw, hingje de flagjes yn ús doarp noch te wapperjen yn 'e rein.

Mei it feest ha wy it mei it waar noch geweldich troffen. De moarns om healwei tsienen gong de optocht fan start en it wie lokkich droech, al gong der mannich skip mei soere apels oer.

Der wiene mar leafst 9 weinen, dy't ek wer dit jier keurich fersoarge en mei leuke ideeën foar it ljocht kamen.

Mei it korps foarop en noch wat karkes en rinnend spul dêrefter, gong de fleurige stoet troch ús doarp, op nei it sportfjild foar in ferslach en doe wie de swiere taak oan Dhr. Bouwhuis en Wiepy Woudstra, út te meitsjen, wa't yn 'e priizen foel. De útslach wie:

WEINEN:

1e priis: Us lêste sint. De wein fan de fam. Posthumus, Miedema en Twijnstra.

2e priis: Wat hat Gabe Skroar ús te sizzen? De wein fan de fam. Speerstra, Postma en Walsma.

3e priis: Is dit onze toekomst? De wein makke troch jeugd fan Tsjerkwert.

4e priis: It grutte skiep mei lamkes. De wein fan 'e Sylroede.

5e priis: De wolf en de zeven geitjes. De wein fan Beabuorren.

.....

Karkes 1e priis: Kernôffal, fan de fam. Huitema.

.....

RINNEND SPUL:

1e priis: Clown - Tsjitske Poelstra.

2e priis: Meneer en Mevrouw de Bok - Marcel Mekking
en Jeroen Hendriks.

3e priis: Clown - lytse Thea v.d. Wal.

.....
De publykspriis gong ek nei de earste priiswinner:
"Us lêste sint". Twadde waard: It skiep mei de lam-
kes, fan 'e Sylroede.

Nei de optocht begong it keatsen, volleybaljen en
de bernespultsjes. Underwilens foel der noch wol-
ris in buike, mar alles koe de moars, mei wat opûnt-
hâld, dochs noch gewoan trochgean.

UTSLACH BERNESPULTSJES:

lytse kleuters: 1e priis: Gerrit Schukken; 2e priis:
Else Huisman; 3e priis: Maura Falkena.

grutte kleuters: 1. Martine Hijlkema; 2. Wiebren
Poelstra; 3. Marijke Dijkstra.

klas 1 en 2: 1e Jan Diederick Nijenhuis; 2e Robert
Tiesma; 3e Léon Falkena.

klas 3 en 4: 1e Thomas Burghgraef; 2e Johan Gaastra;
3e Gooitzen Brandsma.

klas 5 en 6: 1e Yde Schakel; 2e Jan Hiemstra;
3e Anno Galama.

UTSLACH VOLLEYBALJEN:

1e	2e	3e
Bernard Algra	Jelle Zijsling	Broer Dijkstra
Sjoerd Bakker	Dick Kuiken	Sico Postma
Eric Hendriks	Jan Witteveen	Cath. Huitema
Geertje v.d. Wal	Anny de Jong	Sipkje Bakker
Ineke Dijkstra	Anneke Goeman	Auke Postma
Baukje Gietema	Klaske Postma	Jelly de Jong

UTSLACH JEUGDKEATSEN:

1e	2e	3e
Sietze Gaastra	Anno Galama	Johan Gaastra
Herke Bakker	Peter Bakker	Hayo Hijlkema
Wiebren Poelstra	Sjoukje Hijlkema	Niek de Boer

UTSLACH KEATSEN:

1e	2e	3e
Jan Blanksma	Ids Schukken	Henk van 't Zet
Klaas Nauta	Bouwe J. Bouma	Lolle Schakel
Menno Poelstra	Jan Dijkstra	Jan Postma

.....

De finale-partij waard yn de earste helte oerhearske troch in protte boppeslagen fan Bouwe Jan Bouma. Doe't it petoer Blanksma in wikseling yn it petour tapaste, t.w. Jan Blanksma foaryn, feroare de situaasje.

De opslach fan it petour Schukken wie hjir net tsjin opwoeksen. Jan Blanksma sloech sterk op en koe doe ek grutte keatsen lizze, en boppe slaan. De partij wie doe gau beslikke, mei de ein-útslach 5 om'e 3 en 6-4 foar petour Blanksma.

.....

De middeis soe it "Sylroede Wetterfeest" wêze, mar omdat it waar net sa meirûn en dêrtroch alles wat letter wurden wie, ha wy dat mar ferskood nei de sneon te middeis, yn 'e hope op better waar, en dat wie aardich goed gokt.

Der waard de middeis no mar ringfytst en der diene mar leafst 45 minsken oan mei. It waard in hiele striid. De útslach wie:

1e Tiny Hijlkema; 2e Sietze Gaastra; 3e Sjoke de Jong.

.....

En dan wie der noch it traditioniele petsjebaljen foar de âlderen ûnder ús. Der waard wer tige fûleindich striden om safolle mooglik punten te garjen en dat foel faaks net mei. Sels de jongeren ûnder de âlderen, dy't mienden dat hja mar net meidwaan moasten, omdat hja gjin

partij wiene foar de âlderen, krigen der soms net in bal yn. De útslach wie:

1e Frou G. Reidsma; 2e Frou Geiske Bakker;
3e Hein de Haan.

.....

De jûns spile yn "it Waltahûs" foar ús de folksmuzykgroep "Kneppelfreed", in skitterend stikje muzyk en sang. It waard spile en songen troch trije man, dy't dat echt mei in protte nocht en wille diene.

It waard spitigernôch net troch elkenien wurdearre en dêrtroch waard it dizze geweldige muzikanten soms wol wat swier makke; tige spitich.

Sa tuskentroch kamen der talinten út ús eigen doarp op, en dat docht it altyd tige goed. Frou de Vries, Joh. Dijkstra, Anny de Jang en Jelly de Jong kamen mei eigenmakke foardrachten. Nynke Flapper, Marijke Flapper, Anneke Goeman, Geertsje v.d. Wal en Theo Conradi kamen mei twa eigenmakke sjongstikjes. It wie geweldig!

Nei ôfrin dûnsjen op muzyk fan "Stone Free" en der waard troch feestfiert oant yn de lette oerkes, mar de oare moarns 9 oere wie men der wer.

De optocht gong wer troch de buorren, mei de prizen deroan. Der wiene no in protte minsken te sjen en dat makke it noch geselliger. Nei ôfrin gong elkenien gau nei hûs te ferklaaien, en op nei "it Waltahûs" foar it Matinee, wer mei muzyk fan "Stone Free." Underwilens koene de minsken harren kîften mjitte troch te paraplu-hingjen. Der diene in protte oan mei en mannichien sil stive spieren hân ha de oare deis. De útslach wie:

Manlju: 1e Jan Postma, 1.22 min.; 2e Hille Schakel, 1.15 min.; 3e Peter Rozenberg, 1.08 min.

Froulju: 1e Iet Galama, 1.06 min.; 2e Akke Gietema, 0.55.

De middeis om 2 oere waard it feest wer fuortset-
ten by de pleats fan de fam. Huitema "Sylroede
Wetterfeest." It waard in grut spektakel en de
measten hiene dan ek gjin droege tried mear oan
en hiene hja dat wol, sa as Tiny Hijlkema, de
earste priis winneres, dan waarden hja wol efkes
te wetter litten. Spitich foar Tine har nije B.H.
De útslach wie: foar de grutten:
1e Tiny Hijlkema; 2e Pier Burghgraef; 3e Jan Galama.

Utslach Sylroede Wetterfeest jeugd oant 16 jier:

1e Reinold Poelstra; 2e Bram Veldhuis; 3e Sietze
Gaastra.

Dêrnei it sekslaan, en it naaide der wer út. Foaral
de jeugd koe der net genôch fan krije en baggerden
troch de sleat hinne en wer.

Utslach foar de jeugd oant 16 jier:

1e Menno Poelstra; 2e Bertus R. Bakker; 3e Niek
Galama.

Utslach fan de grutten: 1e Egbert Batteram;
2e Anne de Boer; 3e Leo Huitema.

Fierdersoan wie der dy middei noch ús traditionele
fierljepwedstriid, mei as ynset de wikselbeker,
dy't dit jier, nei twa kear wûn te wêzen troch
Joh. Dijkstra en twa kear troch Jan Blanksma, ris
nei in oar gong t.w. Sjoerd Bakker, mei in sprong
fan mar leafst 10.29 mtr. 2e Waard Gerrit Rypma,
mei in sprong fan 10.26 mtr. By de jeugd oant
16 jier waard Menno Poelstra earste; hy sprong
8.85 mtr. 2e Waard Sytze Gaastra mei 6.70 mtr.

Sa rûn de twadde dei hast wer op in ein. It lêste
barren fan oerdeis stie alwer op it program en dat
wie in filmfoarstelling foar de bern yn 't Waltahûs.
Der waarden in 5-tal tekenfilmkes draait en de bern
ha harren tige fermakke.
Nei ôfrin wie der foar allegeare noch in iislolly
en dat woe der wol yn by de bern.

De jûns wie it goed drok yn "it Waltahûs". It Kabaret selskip duo Rinze Westra en Jân v.d. Bos fersoarge dizze jûn mei allegearre koarte sketskes ensfh. It wie tige aardich, foaral dingen dy't hja songen of fertelden oer Tsjerkwert en de Tsjerkwerters. Nei ôfrin waard der noch tige dûnse op muzyk fan "de Bekema's."

En sa binne beide feestdagen alwer omflein en kinne wy, wat ús oangiet, werom sjen op in tige slagge Tsjerkwerter feest.

It bestjoer,
Joke Schukken.

P.S. Der steane noch priizen fan it keatsen en de 2e priis fan de âldste kleuters, dy is foar Wiebren Poelstra, by Joke Schukken op 'e Sylroede; se kinne dêr Weihelle wurde.

-&-&-&-

BEJAARDENGYMNASTIEK

De heer R. de Jong maakt aan de leden van de bejaardengym bekend, dat wij op woensdag 6 okt. 1982 weer aan deze zeer goede sport beginnen. Nieuwe leden, ook van harte welkom.

Tot ziens!

P.S. De aanvang is 's middags om 1.45 uur.

\$\$\$\$\$\$

NIJE YNWENNERS:

Hallo Tsjerkwerders,

Hoewel we al met diverse mensen kennis hebben gemaakt op het dorpsfeest, willen we ons ook nog graag d.m.v. "de Skieppesturt" aan jullie voorstellen.

Wij zijn Roelof en Allette Falkena, hebben drie kinderen n.l. Leon, 6 jaar; Maura, 4 jaar; Rianne, 1 jaar. Vanwege Allette's beroep zullen verschillende vrouwen haar al kennen, ze heeft de verantwoordelijke functie van huisvrouw.

Ook zullen veel mannen mij kennen, vanwege mijn functie bij de ruilverkaveling.

We hebben 5 jaar in Itens gewoond, 1 jaar in Witmarsum en hopen nu, wellicht voor langere tijd, hier in Tjerkwerd te kunnen blijven.

Wie nu nog meer over ons zou willen weten, is van harte welkom op Sylroede 4.

Fam. Falkena.

////////

Bydragen binne kommen fan: J. Twijnstra, Iemswâlde; B. de Jong, Weidum; frou Galama-Ypma, Boalsert; B. Huitema, Jousterpierwei; frou K. Abma, Boalsert; G. Fabriek, Sylroede; frou B. Kuipers, Singel; D. Poelstra, Dedzjum; K. v.d. Weg, Waltawei; K. Schukken, it Hearrenfean; H. Bergsma, Bûtenpost; J. Nota, Waltawei; R. de Jong, Tsjerkstrjitte; D. v.d. Werf, Boalsertterwei; W. de Boer, Dedzjum; W. Schakel, Boalsertterwei; Joh. Visser, Hartwert; H. Frankena, Wommels; Sj. Zwaagstra, Canada.
Us hertlike tank hjirfoar!

-£-£-£-

Snypsnaren.....

- Ambtenaren moatte ynleverje. Skoalmaster K. v.d. Weg hat in metoade fûn om der wat by te fertsjinjen en docht Marten K. konkurrinsje oan. De Kwiek-flagge wappere oan it skoalhûs.
- Sjoerd (en Sara) Buwalda binne mei de Ljouwerter krante nei Londen.
- Krekt nei de berte fan Minke Sytske frege Kikstra oan 'e bern fan Jehannes en Sytske D.: -Wat ha jim no krigen? Andert: In skippy-bal.
- Peter Bouwes Huitema hat de Ronde fan Gaast-Ferwâlde wûn! Hulde!
- Op 5 novimber is de VVN-ferkearskwis wer. Wolle Jo meidwaan? Oanjaan by skr. doarpsbelang Janny Poelstra.

[Handwritten signature]

